Het totale bedrag van al de lijsten was f 874,50. Allen dank voor Uw gift. De dames die bereid waren te lopen en het inderdaad ook waar gemaakt hebben, hartelijk dank voor Uw inzet.

B. Zanstra

### PRINSES BEATRIX FONDS

In de week van 12 tot 19 september is er in ons dorp een lijstcollecte gehouden van het Prinses Beatrix Fonds. Dit heeft het mooie bedrag opgebracht van f 1080,-. 't Is ruim f 200,- lager dan verleden jaar, toen was het f 1290,-. Hopelijk is het volgend jaar weer iets beter met de opbrengst. Het Prinses Beatrix Fonds is begonnen, nu 26 jaar geleden, voor polio patienten en is nu uitgebreid. Bijvoorbeeld voor hen die door een hersenbeschadiging bij de geboorte spastisch zijn geworden. Vervolgens breidde de hulpverlening zich uit naar spina bifida patienten (de zgn. open rug), mensen met multiple sclerose (MS), spierdystrofie, ziekte van Huntington, ziekte van Parkinson en andere aanverwante spierziekten. Hartelijk dank aan alle geefsters en gevers en in 't bijzonder aan de collectanten.

Namens het comité,  
I. Wijma - Hoekstra,  
Opperbuorren East 6,  
Oudega



It is guon minsken like folle  
oft de ko skyt of de bolle

Mar foar in goed stik fleis, sa ha 'k ûntdekt  
komt it de measten tige krekt

Dêrom en dit is tocht ik kleare taal  
stiet kwaliteit by ús sintraal

En smakket it jo tige lekker  
tinke jo, hjirfan wol 'k mear

Dan steane wy mei de bekende kwaliteit  
foar fulling fan jo friezer klear

Dus foar Ijirre, snijwoarst of  
in stikje rikke spek op brea

Hoask oanrikkemedearre

**OEDS PIETERSMA**

**SLACHTER ALDEGEA**



## SEESILEN NOARDSEE 1982

It wie yn '77 dat wy oan in kursus navigatie mei dienen, op Twellegea by Snits. Dat wie tige nijs-gjirrich en ik wik jo, dy seelju moatte hiel what yn'e marse ha om in skip, tominste yn earder dagen, feilich oan'e oare iggen to krijen. Ien lyts dinkje hat der in bult mei to krijen, it kompas, dêr't dúdlik de noardpoal op oanjûn stiet, is net it krechte punt, mar tallen kilometer derneist is it punt. Alle kaerten fan'e see wize dus ôfwikend op'e noardpoal, in correctie moat dêrop dien wurde yn punten en dat hjit dan fariaesje of deviaesje. Dêrnjonken moat de siler ek noch rekken hâlde mei de streamingen, bygelyks, hat men stream tsjin mei in gong fan 10 mijl en men fart op'e meters 9 mijl, dan fart men dus eins efterút. Dus moatte der maetregels nommen wurde. In oar tige nuodlik ding is mist. Mist op see is in benaude saek. Alles om jin hinne is ticht, gjin lûd. Jo binne dan oanwiisd op'e radar. Om't ik destyds lid bleaun bin fan'e seesylklub Twellegea koe ik mids septimber opstappe op in skip fan'e klub Twellegea nei Ingelan. Mei 20 skippen (beslist net allegearre hiele greate) binne wy ôfset nei de Noardsee. Oanmonstere op'e "Great Escape" mei Captain Henk Huisman, wiene wy de lieder fan'e float, ek om't it skip radar hat. Wy foeren om 11.35 ûre fan Amsterdam nei IJmuiden "in company" (efterinoar is dat) yn'e slûzen. Om 6.10 setten wy ôf de Noardsee op mei wynkrêft 4. De hiele nacht trochsyld mei oanheljende wyn 5-6. In prachtig gesicht al dy syljachten ferljochte oer de see. Nei 22 ûren farren wie de hafen "Great Yarmouth" yn'e kiker. Foar de Ingelske kust waerden wy warskôge, dat de banken (sanrêgen) troch fûle streaming ferskood wiene en wy ús koers omlizze moasten om nei Löwestoft to farren, moarns om 4 ûre stjûrden wy de hafen binnen doe koe der efkes slept wurde. Doe't wy de moarns wakker waerden wiene we 6 meter sakke. It wie in hiel geheister om op'e wal to kommen. Nei dat we yn Löwestoft oanlein hiene setten we útein nei Woolverstone. Der wie gjin wyn sadat de sylwedstryd útsteld

**Wij zijn altijd goedkoper**

Familiedrukwerk - Handeldrukwerk - Kleurendruk




Reclamebureau - Sneldrukkerij

**R.I.J.O. b.v.**

Het Anker 7 9206 AL DRACHTEN  
Tel. 05120 - 12468

waard. Tsjin'e joun foeren we de Orwell River op, mei tichte mist mei de jachtklub. De jouns in moaie tocht troch "âld Ingelân" mei de Pinn Mill Pub. In aldaerdichste âlde kroeg mei een tige âlde kroegbaas, de pub is plm. 500 jier âld. De oare deis nei de Noardsee werom en dwerstroch de drokke route Harwich - Hoek van Holland. Harwich forby, stoomden we de Deben River op. Dizze rivier leit tsjokfol lytse boatsjes en boaten. In prachtig gesicht. Jouns oankomst by de Woodbridge Yachtclub, in tige âld hinnekommen yn in âld plakje mei moaie âlde pubs, mei bier sûnder in lead skûm. De skippen fûlen hjir droech en dat is in raer gesicht. Jouns wie der in feestje mei fiddlers en harmoniums, dat wie in ploechje spylmannen. En wy moasten dounskes útfiere, in âlderwetske lakeriche sfear. De oare deis wiene we útnoege op in soarte kastiel. Foxboro Hall. Troch Henk Huisman en femielje alhiel restaureare, in pracht fan in gebou. Trouwens as jo wolle kinne jo der jo fakansje wol trochbringe. It leit yn'e bedoeling om it as hotel to brûken. En de prizen falle tige ta.

Wietse Welling



Wij zijn gespecialiseerd in:

- \* uitdeuken en richten
- \* spuiten en moffelen in moderne cabine
- \* totale schaderegeling met de verzekering voor:

\* luxe-, bestelwagens en busjes

**AUTOSCHADEBEDRIJF A. DE VRIES**

**Mr. W.M. Opendijk van Veenweg 16 - BERGUM - Tel. 05116 - 4455**



## YNSTJOERD

### NOGMAALS SINTE AGATHA

In de Doarpsomropper van september geeft de heer De Jong enige gegevens over de beschermheilige van de Oudegaaster kerk. Mag ik hier nog enige details aan toevoegen. Agatha was een jong christelijk meisje dat te Catania op Sicilië woonde. De niet-christelijke prefect Quintianus wilde haar tot vrouw, maar ondanks al zijn beloften en bedreigingen wees ze hem vastberaden af. Hierdoor veranderde zijn liefde in haat en toen hij bovendien bemerkte dat ze Christen was - het verhaal speelt aan het einde van het jaar 250 na Christus - zette hij haar gevangen en liet haar martelen. In de beeldende kunst wordt Agatha vaak afgebeeld met de tang waarmee haar borsten werden afgerukt of met een schaal waarop haar afgerukte borsten. Wonder boven wonder genazen haar wonden en toen Quintianus dit hoorde gaf hij bevel dat ze verbrand moest worden. Juist toen het vuur ontstoken was, ontstond er een hevige aardbeving. In de overtuiging dat dit een straf was voor de vervolging van Agatha, bevrijdde het verschrikte volk haar uit de vlammen. Agatha werd opnieuw in de kerker geworpen, waar ze toen overleed. Ongeveer een jaar na haar dood vond een zware uitbarsting van de vulkaan de Etna plaats en al de inwoners van Catania zochten hun toevlucht bij haar graf. Ze haalden - volgens de overlevering - haar sluijer uit het graf en bonden deze bij wijze van banier aan een lans en trokken daarmee de stroom gloeiende lava tegemoet. Deze wijzigde plotseling van bedding waardoor Catania gespaard bleef. Behalve als martelares wordt Agatha dan ook vooral als beschermheilige tegen brand vereerd. Sinte Agatha komt bij mijn weten in het noorden niet verder voor als beschermheilige van kerken

in de middeleeuwen. Het dichtst bijzijnde was de abdij van Egmond in Noord-Holland, die via Egbert, Aartsbisschop van Trier aan de Moezel en zoon van Dirk II, graaf van Holland, relikwieën van Agatha gekregen had. Iedere kerk bezat namelijk relikwieën van de heilige aan wie de kerk gewijd was. Nu moeten we ons van die relikwieën geen al te grote voorstelling maken. In het algemeen waren het zeer kleine fragmentjes als een stukje nagel, een haar ofwel een draadje van het kleding dat bij de dood gedragen werd. Deze werden zorgvuldig ingepakt en verzegeld bewaard in het hoofdaltaar van de kerk. Hoe de Oudegaaster kerk aan de relikwieën van Agatha gekomen is, is onbekend. Er zijn ook geen relaties met de abdij in Egmond geweest, voor zover bekend. Ook niet van het hier vlakbij gelegen, eveneens Benedictijner, klooster te Smalle Ee met Egmond. Of het feit dat Agatha vereerd werd als beschermheilige tegen brand, de keuze voor Oudega bepaald heeft, is evenmin bekend. Als dat zo zou zijn, dan zou het erop kunnen wijzen dat de (vermoedelijk houten) voorganger van de huidige, turfstenen kerk door brand verwoest geworden is. Helaas is er bij de grote restauratie in 1922 geen archeologisch onderzoek onder de kerkvloer uitgevoerd om naar sporen van voorgaande kerken te zoeken. Overigens wordt wel eens verondersteld dat de voorganger(s) van de huidige kerk op een andere plaats gestaan heeft, meer de richting van Nijega uit, zowat op de hoek van de Gariperwei en de zijweg naar Nijega. Daar er ook toen al bij de kerk begraven moet zijn, zou het interessant zijn, om te weten of er weleens been- en botfragmenten daar in de buurt te voorschijn gekomen zijn bij graafwerk of bij hekkelen. Mocht iemand daar iets over weten dan houd ik me zeer aanbevolen voor een berichtje.

S. Lammers  
Wolwarren 14

# Maak eens een proefrit

## met het origineel.



De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel.

Eerste van een nieuwe autogeneratie. Dus voorlopig niet te imiteren. De nieuwe Datsun Stanza.



Het origineel. De meest uitgebalanceerde middenklasser met voorwiel-aandrijving.

De kracht van een sprinter. Zuinig. Maximaal rendement uit normale benzine. Aerodynamische styling.

Maximale interieurruimte. Zou wekt de Stanza de indruk van binnen groter te zijn dan van buiten.

Beschermende veiligheid in de totale constructie. Koersvast weggedrag onder alle omstandigheden.

De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel. Vooruilstrevend Eigenzinnig in temperament. Nieuwe 16 en 1.8 liter motoren. Nu bij ons. Klaar voor de eindtest: uw proefrit. Prijs incl. BTW. af Lisse

va 17.995,-



Datsun van Nissan.

**ABD**  
**autobedrijf  
drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1  
DRACHTEN  
Tel. 05120-12100  
Na 18.00 uur  
Tel. 05120-14967-18575**



**KOOS BAKKER'S**

**KLEERMAKERIJ**

**DRACHTEN**

Ook het adres voor al uw  
ruiterkleding en toebehoren  
van het wereldmerk "PIKEUR"

**Moleneind 44, tegenover Elmar**

**Tel. 05120 - 31533**

**b.g.g. 05120 -12516**

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle  
lederwaren (tuigen, halsters)  
en ook voor het opstoppen van uw zadel.

### SKIEDNIS

#### DIT WIENE EK ALDEGEASTERS



It jonkje op dizze foto, dat mei in ûnskuldich snútsje en in wat skrutene eachopslach njonken syn heit en mem stiet, is de lytse Oedsen Tjeerdsma. Doe't er âlder waard koe it doarp him better ûnder de namme Oedsen Biis. Syn mem wie Jitske Brandsma en syn heit Petrus (Peet) Tjeerdsma. Hja buorken op it spul dat W. Jonker notiids bebuorket. Oedsen is net âld wurden. Hy is om 1900 hinne te wrâld kommen en op 24 maart 1944 is er yn Earnewâld ferdronken by de brêge oer de ringfeart.

### Klaar Hoekstra!

Der sitte ferdjippings yn, waard der yn it doarp altiten sein as de minsken it oer Oedsen Biis hiene. Mannichien hie dat sels liiflik ûnderfûn. Guon fan Oedsen syn fratsen koe it hiele doarp om laitsje, oaren waard oer skodholle. De grapperij dy't er as jongfeintsje úthelle mei in fuorman en in glêzen wein daverre troch it hiele doarp. It wie yn'e jierren 1918 - 1920, de griffermearde gemeente wie fakant, d.w.s. dy hie gjin domeny; yn 1918 wie ds. Prins fuortgien. Domeny Schaafsma fan De Pein kaam doe alle wiken in kear yn Aldegea foar it fraachlearen. Ele Hoekstra, dy't fuormanderij hie, brocht him alle kearen. As domeny útstapt wie foar de tsjerke, ried Ele nei syn dochter ta, dy't nammers mar in pear hûzen fan'e tsjerke ôf wenne; hja wie trouw mei Hindrik Herder; Ele soarge der altyd foar, dat er goed op'e tiid wer mei't reau foar de tsjerke stie; domeny hoegde nea op him te wachtsjen. Nei it fraachlearen spile har altyd deselde searemoanje ôf: domeny kaam der oanfotteljen, die it doarke fan'e wein iepen, rôp mei de holle ta de doar út: "Klaar Hoekstra, ik zit al" en sloech de doar ticht. "Fuort âlde," rôp Hoekstra dan tsjin 't hynder en dêr gong dan it reau. Oedsen hie dat allegea wol sjoen en der oer nei tocht. En doe, op in jûntiid krige er syn kâns. Domeny stie yn'e konsistoarje mei in pear fraachlearders te praten. Oedsen rûn der út en op'e wein ôf. Ferljochting wie der doe hast net yn'e buorren, mar om yn it tsjuster dochs safolle mooglik op domeny te lykjen knope er in wite bûsdoek om'e nekke. En it gong, oft it slydjage! Oedsen die it doarke iepen, sei: "Klaar Hoekstra, ik zit al" en die it doarke ticht. Hoekstra joech it hynder syn teken en dêr ried it spul hinne. Op'e sânbuorren moat Oedsen der wer út sprongen wêze. Hoekstra ried troch, mar op'e Aldegeasterdyk krige er yn'e smizen, dat syn wein leech wie. By de earste syl swaaide er it spul en helle de echte domeny op. Hij sil der tenei wol goed om tocht ha, wa't ynstapte foardat er fuort ried.



Patronymica	Fannen	Bern	Bernsbern
Jan Gerkes	Helder	Gerke (8) Hendrik (4)	
Durk Abrahams	Nicolai *)	Abraham (18)	
Egbert Roels	Nicolai	Roel (22) Durk (21, Droegeham) Tjitske (17) Bregtje (14) Riemkjen (11) Attje (8) Allartus (5)	Sietske bern fan Roel
Jan Sierks	Roos	Baukjen (15)	
Melle Minzes	Zwerver	Minze (33) *) Wietze (32, Garyp) Janke (28, Jelsum) Gele (24) Jakob (20) Auke (17) Berber (14) Pieter (11)	Berber (10) Sjoerd (7) Grietje (5) Janke (2) bern fan Wietze
Feitze Klazes	van der Kooi	Klaas (12) Sjoerd (9) Jelger (7) Douwe (5) Einte (2)	
Teunis Wiemers	de Jong	Korneliske (2) Wiemarkjen (1)	
Gele Wietzes	Zandberg		
Janke Kryns (analf.)	Beening		
Baukjen Sakes (analf.)	Wagenaar	Libbe Johannes (17) *) Antje (13) *) Iemkjen (9) Grietje (4)	
Martzen Gerrits (analf.)	Adema *)	Jan (8) Gerrit (4)	
Antje Eizes (analf.)	Stelsma		
Wietske Theunis (analf.)	de Haan	Sjoukjen Gerkens (13) *)	
Djilke Harmens (analf.)	Rinsma *)	Gooitske Sjoerds (21) Grietje Sjoerds (18)	
Lubbert Bouwes	Eppinga		
Hendrik Jans (analf.)	van der Wal	Tryntje (26, Mearum) Janke (23, Sumar) Freerk (21, Suderdrachten) Hiltje (18) Elske (14) Mettje (12) Gerrit (6)	
Lowys Wiebes	Wiersma *)	Jeltje (16) Baukjen (12) Take (6)	
Teye Sakes (analf.)	Wagenaar	Sake (14, Boarnburgum) Louw (13)	
Popke Jans (analf.)	Jansma	Aaltje (5) Pieter (2)	

Patronymica	Fannen	Bern	Bernsbern
Jan Rienks Kooistra	Kooistra	Tietje (9)	
Jan Klazes	van Dam	Tryntje (14) Grietje (12) Frederika (8) Klaas (6) Aaltje (3)	
Akke Gerkes	Korte *)	Sjoukjen (8)	
Johannes Gerkes	Helder		
Sietske Jans (analf.)	Jongsma		
Mindert Kornelis	Deelstra	Sietske (34) Oetze (27)	Jitske (6) Mindert (2) bern fan Oetze

\*) Dit wie de skoalmaster, dy't yn 1795 de ûnderdûkte grytman jûns sa trou syn wiet en droech brocht op'e Minnestepôle.

\*) Minze wie soldaat "in dienst van Zijn Majesteit den Keizer en Koning" d.w.s. fan Napoleon Bonaparte.

\*) Libbe Johannes wie in oerwinneling fan Baukjen.

\*) Letter troude Baukjen noch mei Roel Wiegers Westra. Antje, Iemkjen en Grietje binne dochters van Roel en Baukjen. Mar yn 1812 wie Roel al wer by Baukjen wei gien en hie har mei de bern sitte litten. Roel wenne lykwois ek yn Aldegea.

\*) Martzen wie de widdo fan Gerke Gooitzes silger.

\*) Sjoukjen Gerkens wie in oerwinneling.

\*) Djiilke wie de widdo fan Sjoerd Tomes, by syn libben arbeider te Aldegea.

\*) Lowys skreau de amtner, mar as Wiersma syn hân sette moat skriuwt er Louis.

\*) Akke wie de widdo fan Jan Gerbens, dy't by syn libben arbeider te Aldegea wie.



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

Skilje ús dan efkes

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod  
yn Aldegea

**Waarme Bakker  
J. JELSMa**

**Boarnburgum**

**Tillefoan 05126 - 1215**

**FAN ALLES WAT**

## AMNESTY INTERNATIONAL OUDEGA - GARIJP - EERNEWOUDE

Op woensdag 22 september j.l. hebben wij onze eerste schrijfavond gehouden. Men kon schrijven voor politieke gevangenen uit Gabon, Peru en Sovjet Unie. Deze brieven zijn aan autoriteiten gericht om het lot van deze gevangenen te verbeteren, die

om hun geweten zijn gevangen genomen en geen geweld hebben gebruikt. We hebben 29 brieven kunnen posten, voor de eerste avond een behoorlijk resultaat. De brieven die verstuurd werden, waren in het Frans of Engels opgesteld. Er was een Nederlandse vertaling bij, zodat je precies wist wat je schreef. Wel moet de port hiervoor betaald worden à f 0,90. Ook hebben we materiaal van Amnesty International verkocht, zoals buttons, tassen, posters e.d. Nu de eerste avond zo succesvol is verlopen, is het de bedoeling elke maand een schrijfavond te houden. De eerstvolgende is op woensdag 10 november tussen 19.00 en 21.00 uur in de bibliotheek in het Miensker. Van harte welkom.






## Lopen op lucht met Natureveldt's Airconditioning.

Een frisse kijk op voetcomfort.

Met de ontwikkeling van het ingenieuze luchtsysteem, zoals toegepast in de Natureveldt's Airconditioning, voegt Clarks een geheel nieuwe dimensie toe aan de vervaardiging van schoeisel.

Gebruikmakend van de verende en ventilerende eigenschappen van lucht, benadert de Natureveldt's Airconditioning het lopen op lucht als geen andere.

In de zool zijn holtes uitgespoord, door luchtkanaaltjes met elkaar verbonden, die bij het lopen telkens weer worden ingedrukt. Door een uniek samenstel tussen deze zoolconstructie en de buiging van de zool tijdens



Doorsnede zool:  
Tijdens het lopen worden de met elkaar verbonden luchtholtes telkens weer ingedrukt, waardoor een konstante luchtstroom ontstaat: Natureveldt's Airconditioning.

het lopen, ontstaat een konstant verfrissende luchtstroom langs de voet. Door de lichtdoorlatende binnenzool geeft deze luchtstroom een werkelijke airconditioning aan de voet.

Clarks Natureveldt: is lopen op lucht.



# Clarks

Verkrijgbaar bij:

reportaazje fan skylge

*in wille dat wy hân ha op terskelling trije  
wiken by midslân dêr ha wy dan kampeard  
it hat wol reind hear, 't easde soms, mar neat  
gjin noed mei in poerbêste transistor by je*

*en in patat dat wy der fretten ha je krije  
wol skroei hear op sa'n eilan en in froulju moaie  
stikken ik koe't er bêst mei roaie  
ien lytse swarte út baarn mocht ik it leafste lije*

*mar dy hie mear belang by in studint doe helle  
'k in readen oan goed willich altyd yn'e brân  
mar 't eilan sels is grôt mei knudde klearebare sân*

*wy ha dêr ek de lêste jutter sjoen ûnder sân  
pear tekkens mei sân baaien himden slim oanhelle  
mei rimmetyk hy wurdt troch vvv betelle*

jan wybenga, kj 3

hjerst

*oktoberwyn, ear't immen derop sint  
bisto it dy't ús blêd en blom ûntnimt  
de teare bloeisels dy't ús simmerdei omjouwe  
nimsto wyld en gysten mei  
en heech oer bosken, wetter en fjild  
flechtsje de fûgels foar dyn kjeld*

*och, hie ik mar de wjukken dy't jim ha  
dan fleach ik mei nei 't fiere suden ta  
want hjir binn' no de fjilden keal en wiid  
de klomske oantins fan de simmertiid  
en aanst sill' winters heil en snie  
útwiskje al wat libben wie*

j. slofstra  
sybe krol



**Lampers  
schoenen**  
Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

De brij is net hjitter as krekt fan't fjoer

Desnoods op de fiets naar Olterterp . . .

Want VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij

"DE SLAG"  
in Olterterp

bijzonder goedkoop v.a. f 200,- p/p, 14 karaat goud  
en bekende merken

Ook zware zilveren geboortelepels  
vanaf 195,- gratis gegraveerd

Verder duizenden sieraden in GOUD en ZILVER  
nergens goedkoper

Inruil van oud goud tegen de hoogste prijs

SEMIEN 2  
Tussen Olterterp en Ureterp  
Tel. 05125 - 1695



# doarpsomropperke



Dizze tekening is neitekene troch Janny Feddema, Dwarssingel 6.  
Wy binne bliid dat Janny dit ynstjoerd hat  
en wy hoopje dat we noch in hiele protte tekeningen, ferhaaltjes en sa fan jim krije.



# Kabouter Kobus

Kabouter Kobus sit foar't rût fan syn poddestoelhúske. Hy sjocht nei bûten. It reïnt. No kin er der net iens út. Dat fynt er ferfelend, want kabouters binne graach bûten.

Wat moat er no de hiele dei? Wachtsje ris. Hy wit wat. Hy sleept syn stoel nei de boekekast. Op 'e boppeste planke stiet in boek dat er noch net lêzen hat. Dat kin er no moai dwaan. Hy klatteret op 'e stoel, mar kin der net by. Hy sjocht om him hinne. Wachtsje, in krukje der boppe op. No kin it noch net.

De kast is ek sa heech en kabouters binne mar lyts. 't Moat wer oars. Hy sleept de tafel foar de kast. Dan de stoel der op en dêrop it krukje. Sjesa, no moat it kinne.

## Klets-kletter-boembats

Stinnend klatteret er der by op. Hy rikt en rikt, noch in lyts eintsje, hy is der hast en dan... ooooooh! Klets-kletter-boembats, dêr rûglet er mei't hiele spul fan boppen!

„Au,” ropt er, „au, au!”

Alles docht him sear, mar syn foet it alderslimste. Hy leit heal ûnder de tafel en besiket om der ûnderwei te kommen. Mar o, syn foet, der is wat mei syn foet. It ankel docht him wol sa sear, en o, sjoch no ris, dat wurdt alhiel tsjok. Net

bêst. Hoe moat it no? „Help,” ropt er, „help my!” Mar der is nimmen dy't it heart.

Earme kabouter Kobus. Der rôlje twa grouwe triennen oer syn reade wankjes. Syn foet is no sa opset, dat de skoech út moat. Mar hoe moat it no? Dan ynienen wurdt er flink. Wachtsje ris. Stadich sleept er him nei it rût ta. Dan pakt er syn learske, in kabouterlearske, mei in houten hakke. En wit jim wat er dan docht? Hy tikket mei de hakke tsjin it rût. Tik, tik, tik. As no mar ien it heart. Tik, tik, tikketik...



## Ruurd de Roek

In eintsje fierderop yn 'e bosk wennet Ruurd de Roek, heech yn in beam. Ruurd hat it drok. Fannacht hat it fûl waaid en no is der in part fan syn nêst stikken. En dat moat er meitsje. Hy fljocht hinne

en wer mei nije tûken. Hy skrept en skrept en fielt de rein net iens. Fierderop lizze ek noch moaie tûken. Hy fljocht der hinne en komt sa foarby it kabouterhúske.



Efkes sjocht er nei ûnderen ta. Hy heart wat, tik, tik... Dy Kobus, altyd drok, tinkt Ruurd. No is er grif wer oan it timmerjen. Wol trije, fjouwer kear fljocht er dêr foarby en hieltijd heart er it tikjen. Tik, tik, tikketik. Op't lêst begjint er it frjemd te finen. Salang oanien timmerje? Hy moat der mar ris hinne. Mei in swaai fljocht er nei ûnderen en giet op it finsterbank sitten en dan, o, dan sjocht er it! „Kobus jonge, wat no?”

## Dokter Pilleboer

„Help”, ropt Kobus, „help my Ruurd!” Gau giet Ruurd der yn. Kobus is wol sá bliid. Hy fertelt him alles. „Ik helje dokter Pilleboer,” seit Ruurd, „wachtsje mar.” En fuort is er wer. Sa hurd as er kin fljocht er nei de kabouterdokter. „Kom gau mei, dokter, Kobus hat sa'n pine.” En dan komt alles goed. Dokter en Ruurd tille Kobus op syn bêd. Der komt in wynsel om it seare ankel en dan moat Kobus in wike sitte. „Ik wit wat,” seit Ruurd de Roek dan. „Ik sil wol foar dy soargje. Myn hûs is dochs stikken, ik kom salang by dy te wenjen.” „No, graach,” seit Kobus, „en as ik dan wer better bin, help ik dy mei dyn hûs, ôfpraat?” En sa dogge se it dan.







Sykje de tsien ferskillen tusken dizze beide arkebakken.  
Knip se beide út en streekje de ferskillen oan. Doch dit briefke dan mar by ús yn'e bus.



Dit indiane jonkje  
wol graach nei syn tinte.  
Helpe jim him  
om de wei te finen?



## SOSIALE WURKLIST

### GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

### STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.

Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

### MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.

De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.

De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags

bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

### BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

Woensdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

Vrijdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

### OPENINGSTIJDEN:

#### POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur

13.00 - 17.30 uur

Woensdagsmiddags gesloten.

Tel. 05127 - 1258

#### RABOBANK

9.00 - 12.00 uur

13.30 - 15.30 uur

Donderdagsavonds:

17.00 - 19.00 uur

Tel. 05127 - 1533

### NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR

It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur

13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

### UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA

Inlichtingen over begrafenissen of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Pennm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 -

1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 -

1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig

lid kunnen worden?

### WIKE-EINSTJINSTEN HUSDOKTERS

fan freed 17.00 oere oan't sneintojûn 24.00 oere

24 okt. J.S. Meyboom De Pein  
Kommisjeweï 120 05127 - 1261

31 okt. C. van Staveren Aldegea  
Rondeel 56 05127 - 1262

7 nov. S. Vriesinga Eastermar  
Torenlaan 17 05129 - 221

14 nov. J.S. Meyboom De Pein  
Kommisjeweï 120 05127 - 1261

21 nov. H.J. Amelink Garyp  
Greate Buorren 22 05117 - 1264

### Griff. tsjerke, dûmny H.J. Nolles, till. 1223

7 nov. 9.30 oere Dhr. A. Klein, Earnewâld  
13.45 oere Ds. H.J. Nolles

14 nov. 9.30 oere Dhr. F. Meijer, tarieding H.N.  
13.45 oere Dhr. F. Meijer, Drachten

21 nov. 9.30 oere Ds. H.J. Nolles  
13.45 oere Ds. A. Wolters, Boarnburgum

28 nov. 10.00 oere Mienskiplik mei herf. gem.  
14.00 oere Ds. H.J. Nolles

5 des. 9.30 oere Dhr. O. Zanstra  
13.45 oere Dhr. Y. Haarsma, Hurdegaryp

12 des. 9.30 oere Ds. H.J. Nolles  
13.45 oere Dhr. A. Klein, Earnewâld

19 des. 9.30 oere Ds. S.E. Wesbonk, Drachten  
13.45 oere ?

### Herf. tsjerke, dûmny J.H. Hamoen, till. 05117 - 1228

24 okt. 10.30 oere Ds. Kuperus

31 okt. 10.30 oere Ds. Hollander

7 nov. 10.30 oere Kandidaat Douma

14 nov. 10.30 oere Ds. Hamoen

21 nov. 10.30 oere Ds. Broersen-Van der Veen



# HANDELSDRUKWERK

Strooifolders  
Prijscouranten  
Circulaires  
Fakturen  
Briefpapier  
Kleurendrukwerk  
Etc.

Bij ons heeft U een ruime  
keuze uit de meest  
originele  
GEBOORTE-  
VERLOVINGS-  
HUWELIJKSKAARTEN

*Ben even met  
Tante Anne  
naar  
Draacht  
OMGaren  
hoop 3 min  
weer thuis  
te zijn*



Deze kaarten kunt U  
uitzoeken bij:

**JANKE en BAUKE DE VRIES**

*Buorren 39a Oudega  
Tel. 05127 - 2417*

*Ook 's avonds kunt U daar terecht*